

NIJSBRIEF



Utjefte fan de feriening Freonen fan Omrop Fryslân

Wat hawwe we in prachtige simmer hân en dat bedoel ik dan op ferskillende manieren. Tenearsten wie it in simmer dêr't Corona gjin haadrol yn spile, teminsten net yn it belied fan de oerheden. We koene op fakânsje, as we de gaos op Skiphol efkes ferjitte en it waar wie bysûnder: waarm en drûch. In prachtige simmer wêryn't alle Fryske sporten wer sintraal kamen te stean; tink oan Fierljeppen, de PC yn Frjentsjer, konkoers Bûtenpost, Snitswike en Skûtsjesilen. De útstjoerings op Omrop Fryslân wiene prachtich, mar ek de útstjoerings by omrop Max waarden hieltyd wiidweidiger. Mei tank oan de Omrop wurdt ek bûten Fryslân nei it Skûtsjesilen sjoen. Moaie stappen binne der makke.

Dochs hawwe ek guon minsken in simmer hân mei ferlies en fertriet. Ik wol der net oan foarby gean dat de simmer dan ek in lestige perioade wêze kin. Telefyzje en ynternet spylje dêr somtiden in wichtige rol yn en sa ek Omrop Fryslân. Sa witte we dat bygelyks de tsjerketsjinst in belangrik plak ynnimt by ús Freonen en de harkers. Ek kinne bygelyks podcasts in rol spylje, dy't men belústere kin wannear't men dat wol of wannear't men der ferlet

fan hat of tiid foar. Foar dejingen dy't de 'podcast' noch net fine kinne, sjoch it podcastkader fierderop. Benammen de sportcasts binne tige populêr en faaks komme der noch folle mear yn 'e takomst.

Dit jier soe HEA! it grutte jubileumfeest fiere en soenen we jimme dêrfoar útnûgje. Spitigernôch slagge it net it evenemint op koarte termyn noch te organisearjen. Tige spitich, mar ek hjir jildt: 'wat yn it fet sit, fersuorret net'!

Op 30 oktober fan dit jier is der noch de foarstelling 'Fljimske'. Griet Wiersma en freonen binne al wer drok oan it oefenjen. Eltsenien, dy't him of har hjir foarich jier foar oanmeld hat, hat in mailtsje krigen fan ús. Dan witte jimme wer eefkes hoe't it sit.

In soad wille mei it lêzen fan it nijsbrief en hawwe jimme op- en of oanmerkings, lit it ús dan witte.

Vera Stilma

Foarsitter bestjoer Freonen Omrop Fryslân.

Oprop: nije dielnimmers foar de klankboerdgroep

In oantal jierren ferlyn hawwe de Freonen in klankboerdgroep oprjochte, in groep dy't funksjonearret as each & ear fan de Omrop. It is in groep besteande út 6 leden fan de Freonen en 2 bestjoersleden fan de Freonen. Sy oerlizze mei twa fertsjintwurdigers fan de Omrop, wêrûnder de Haadredakteur.

De klankboerdgroep is yn 2017 yn it libben roppen mei in twaliddich doel, nammentlik om:

- a. fan de leden krityske kanttekeningen te krijen oer it hâlden en dragen fan de Omrop, en
- b. fan de liedingjaanden fan de Omrop ynformaasje en eftergrûnynformaasje te krijen dy't foar ús as Freonen ferhelderjend is.

De klankboerdgroep oerleit 4 x yn it jier en it lidmaatskip duorret 2 jier. Dat kin maksimaal 1 kear ferlinge wurde mei 2 jier. Dêrnei wurdt it stokje trochjûn om it klankboerd fris en suver te hâlden.

Wolle jo dielnimme oan dizze groep? Stjoer efkes in mailtsje nei: freonen@omropfryslan.nl. We nimme dan kontakt mei jo op.

Swalkje mei troch de bosken mei:

de hjerst swalker

De suksesfolle natuersearje de Maitiids-swalker krijt dizze hjerst en winter in ferfolch. Natuersjoernalist Remco de Vries giet op 'en paad as de hjerst-swalker wêrby't de hjerstnatuer yn seis ôfleveringen sintraal stiet.

Mar neffens Remco de Vries kin dit noch wolris in hiele opjefte wurde: "Dat is wol in behoarlike útdaging, want it waar kin wolris in stik minder noflik wêze as yn de maitiid en it fûgel-libben konsintrearret him fansels net mear op plakken dêr't bret wurdt."

It útgongspunt is wol itselde as it eardere 10-minuten programma, nammentlik sjen litte hoe moai de Fryske natuer eins is. Mar spitigernôch

giet it net altyd even goed mei de natuer. "Fansels spilet der fan alles yn de Fryske natuer en it is ek dúdlik dat dy natuer behorlik ûnder druk stiet. It is ek myn wurk om dat sjen te litten. Mar je moatte betiden ek each ha foar it genietsjen fan de natuer en leafde ha foar wat der sa bysûnder oan is.", seit natuersjoernalist Remco de Vries.

De seis gebieten dy't foarby komme, binne: Noard-Fryslân Bûtendyks, de Noardlike Fryske Wâlden, de somegebieten fan Noardeast Fryslân, it Fochteler Fean, it Rysterbosk yn Gaasterlân en Skylge. En wylst de opnamen eins yn septimber al begjinne, begjinne de útstjoeringen op 31 oktober en rinne troch oant en mei 5 desimber. Dat in

hjerstsearje foar in part yn de winter útstjoerd wurdt, is neffens Remco gjin probleem: "It begjin fan de hjerst liket hieltyd mear op de simmer en de winter hat hieltyd mear fan in lange hjerst".

En ek al moatte de opnamen noch begjinne, der is ek al wat opnaam yn it bûtenlân, seit de Vries: "Elts jier reizgje ik nei it noarden fan Noarwegen en dêr lit ik yn ien fan de ôfleveringen ek wat sjen. Want de fûgels dy't wy hjir yn de hjerst sjogge, komme foar in part ek út dy streken."

Sjoch fan 31 oktober ôf eltse moandei om 17.15 oere nei 'De Hjerstswalker' by Omrop Fryslân.

Tsjil Tsjekt

it nije ynteraktive programma foar de boppebou

Nei meardere online programma's is der no ek in programma dêr't bern ynteraktyf yn 'e klasse oan meidwaan kinne.

Yn Tsjil Tsjekt! nimt presintator Raynaud Ritsma de bern fan de boppebou mei op in klassikale en ynteraktive reis troch tema's as 'taal', 'wenjen', 'sûn libje' en 'wetterwille'. Elts programma bestiet út twa dielen fol leuke fideo's, fragen en opdrachten wêrmei't de klasse punten fertsjinje kin en mei-inoar stride om de award foar de 'Tsjilste klasse fan it jier'. "Tsjil Tsjekt is echt wat nijs en wat oars, wêrtroch't it de deistige saken op skoalle efkes ûnderbrekt, mar dochs hiel learsum is", seit Raynaud.

Neist it programma giet Raynaud Ritsma ek wer fysyk nei de skoallen ta om dêr mei de bern in leuke challenge op te nimmen. "De kombinaasje tusken

in programma, ynteraktive opdrachten én in besite oan 'e skoalle makket dat it echt in belibbing is foar de bern. Dêrtroch bliuwt it se altyd by en dat wolke wy fansels."

Dit skoaljier komme likernôch sân Tsjil Tsjekt's online, de earste yn oktober yn de berneboekewike. Dy earste útstjoering hat dêrom ek it tema 'dyn taal'. De tema's slute oan by de leardoelen fan it primêr ûnderwiis.



Besykje ek ris in podcast fan Omrop Fryslân

Der binne hieltyd mear minsken dy't nei podcasts harkje. Sokke útstjoeringen dy't jo yn jo eigen tiid online beharkje kinne, binne der yntusken yn allegearre soarten en maten. Omrop Fryslân biedt ek ferskate soarten podcasts oan. In oersjoch dêrfan fine jo op de webside fan de Omrop fia de knop 'podcasts' of streekrocht fia de link www.omropfryslan.nl/podcast. Sa is der bygelyks de SportCast dêr't de sportferslachjouwers jo alle wiken mei byprate oer it betelle fuotbal yn Fryslân.

Leafhawwers fan ferhalen sille grif genietsje fan de harkspuleftige spannende ferhalen fan Bonkerak of fan de Fryske ferhalen fan Boekekast, in gearwurking fan de Omrop en Boeken fan Fryslân. Prachtige eftergrûn ferhalen binne te hearren yn Duizend Dagen en Sterke Yerde III of yn de ferdjipjende podcasts fan FryslânDOK en Fanbinnenút. Foar de muzykfans binne der de podcasts fan Noardewyn.

Ek ris besykje? Alle podcasts binne te beharkjen fia de webside, de Omrop-app, Spotify en oare bekende podcastsapps lykas dy fan Google en Apple.





Fan in dielnimmer oan it Frysk Diktee op tiisdei 17 maaie 2022 om 19.30 oere yn de steateseal fan de Provinsje Fryslân.

Ik mocht meidwaan oan it Frysk Diktee foar it team fan de Freonen fan Omrop Fryslân.

Hoe kin je je dêrop tariede? Lokkich wie der by de útnûging in briefke mei de wichtigste (nijste) staveringsregels. Fierder besleat ik om it der mar op oankomme te litten. We wisten dochs net hokker ynstjonkers der wer betocht wiene.

Foar de yngong stie Arjen de Boer fan Omrop Fryslân om guon dielnimmers te ferwolkommen en in pear fragen te stellen. It soe opnommen wurde en de oare deis útstjoerd.

It persoanel fan it provinsjehûs ûntfong ús hertlik mei kofje en Fryske oranjekeke mei slachjemme. Klokslach healwei achten waarden we nei de steateseal dirigearre, wêr't de ferskate teams (w.û. politysy, bekende Friezen, de studinten en freonen fan de Omrop) oan 'e sydkant fan de seal plaknimme koenen. Yn it midden sieten de minsken dy't harsels opjûn hiene en nei in test útkeazen wiene diel te nimmen oan it Diktee. Om ús hinne stienen op ferskate plakken de kamera's.

De jûn waard ynlaat troch Miranda Werkman fan de Omrop, dy't nei in praatsje mei de skriuwer fan it Diktee, twadde keamerlid Habtamu de Hoop, begûn foar te lêzen. Earst it hiele diktee, dêrnei sin foar sin, wêrby't de sinnen dan wer yn lytse stikjes oplêzen waarden. Myn buorman en ik, en letter hearde ik it fan mear, hiene klauwen

om it tempo by te hâlden. Fansels binne wy ek net mear wend te skriuwen, eltsenien typt tjintwurdich.

Nei de lêste sin mochten we eefkes bekomme mei in hapke en in drankje. De korrektoaren koene harren wurk dwaan. Mei de útslach wiene we net ûntefreden, we wiene as team twadde wurden mei gemiddeld 19,5 flaters. De winners, de studinten, mochten mei de eare en blommen nei hûs mei gemiddeld 11 flaters.

Ik fûn it in moai ferhaaltsje dat Habtamu skreaun hie oer de sportbelibbenissen út it libben fan in Frysk jonkje, dat opgroeide in yn doarp en it wie ek net sa dreech as ik ferwachte hie. Dochs noch 9,5 flaters die bliken, dus der falt noch genôch te learen oer ús moaie Fryske taal.

De (doe) 13-jierrige Tjitse de Vries skreau it folgjende ferslach oer syn jubileumpriis fan de Freonen.

Wat een geweldige dag heb ik gehad.... Dan was het eindelijk zover om de prijs die mem gewonnen had bij de Freonen fan Omrop Fryslân te verzilveren. De prijs was een hele dag meelopen met de medewerkers van de Omrop. Op 6 mei was het dan eindelijk zover. 's Morgens om 9.00 moest ik aanwezig zijn. Ik werd daar bij binnenkomst vriendelijk ontvangen door de receptioniste en voorzien van lekkere chocolademelk. Nadat Jitske de Hoop was gearriveerd begon mijn dag met het bijwonen van de redactievergadering onder het genot van weer een lekker bakje chocolademelk. Toen de vergadering afgelopen was, kreeg ik een rondleiding door het gebouw van

Omrop Fryslân. Tijdens de rondleiding kwamen we ook langs de radiostudio waar ik ook even binnen mocht kijken bij Harm Weistra en Jitze en mocht ik Jitze helpen om de knoppen te schuiven voor de muziek die op de radio te horen was. Daarna was het tijd om met de mannen van team HEA op stap te gaan. We gingen naar Sneek waar HEA in 2013 bij Enno op de boot was geweest. We gingen nu kijken hoe het nu met Enno ging. Ik heb wel lol gehad bij Enno, wat een aparte maar toch ook wel aardige man. Enno zijn boot moest van de gemeente weg van de plek waar hij nu lag. Maandag 9 mei ging dat gebeuren. De boot was verrot (de vloer was echt in zeer slechte staat). Toen we terug in Leeuwarden kwamen werd ik meteen doorgestuurd naar de radiostudio waar Diana haar programma aan het presenteren was en ze had een appje gekregen dat ik

wat moest vertellen over de figuran-tenrol die ik speel in Schindler's List in Burgum (en ook jullie collega Feije speelt daar in mee) en dat ik daar 's avonds ook weer heen moest voor een uitverkochte voorstelling. Ik kreeg van Diana nog slingers mee welke ik op mocht hangen bij Schindler's List (ze hangen in de cateringstent waar iedereen na afloop nog even kan napraten en de spelers ontmoeten onder het genot van een drankje). En als laatste activiteit ging ik nog kijken bij Willem de Vries in de Noardewyn studio hoe zo'n programma gemaakt wordt. Al met al was het een zeer geslaagde dag. Ik heb genoten van hoe een dag bij Omrop Fryslân gaat en als jullie in een vakantie nog eens een hulpje nodig hebben voor hand en spandiensten mogen jullie mij altijd bellen of mailen. Groetjes Tjitse de Vries

Ferslach fan in priiswinner fan de jubileumaksje fan de Freonen.

We binne freedtejûn 22 april 2022 nei de foarstelling "Echt Wier" fan Jan Arendz en Marijke Geertsma yn de Ynset te Holwerd west. Mei spesjale gast illustrator / muzikant Frans Faber. Deze man tekent jûns in oere foar en in oere nei de foarstelling portretten.

Er stie een pot foar vrijwillige bijdrage. In oare âlderswetske nacht út. De tekst fan it stik is fan Bonne Stienstra.

As je lang byelkoar binne dan falt der wolris in stilte. Mar as de relaasjete-rapeut wol dat je ferplicht in oerke deis mei elkoar prate, dan komme de ferhalen. Jan en Marijke ferbrekke de stilte, fertelle ferhalen en spylje sênes; komyske en út it libben sels.

Weer een gezellig avondje uit. De voorstelling liep als een trein, mooi decor, afwisselend tekeningen en muziek (trekzak). Jan en Marijke waren goed op elkaar ingespeeld samen met Frans. Het belangrijkste: we hebben heerlijk kunnen ontspannen en lachen. De scènes waren uit het leven gegrepen en heel herkenbaar.

Joke Del Grosso, Burdaard

Opmerking fan de redaksje:

Doe't frou Del Grosso ús har ferslach stjoerde, melde sy dêrby dat sy dat yn it Frysk dien hie, oanfolle mei it Nederlânsk, om dizze reden: "Ik ben Nederlands opgevoed en heb geen Fries gehad op school, dus geen lezen en schrijven. Mijn moeder was Friezin en mijn vader een echte Leeuwarder. Thuis werd er nooit Fries gesproken, ik heb het leren verstaan op mijn werk en kan het nu ook lezen en een beetje spreken."

Wy wolle frou Del Grosso in kompliment meitsje: geweldich dat jo it ferslach diels yn it Frysk skreaun hawwe. Hoe mear minsken it Frysk besykje te brûken (en dat hoecht net altyd geef as jo dat net kinne), hoe better wy mei-inoar it Frysk libben hâlde kinne. Noch in tip foar elkenien: in moai helpmiddel foar oersetten of de Fryske taal neisjen is Frysker. Sjoch mar ris op www.frysker.nl

TJITSKE WIEBENGA, JAN JONKMAN EN ALBERT HOVING BINNE DE NIJE WAARPRESINTATOAREN FAN OMROP FRYSLÂN

“IK SJOCH FUORT NEI BOPPEN”

Tjitske Wiebenga (37), Jan Jonkman (66) en Albert Hoving (62) binne de nije waarpresintatoaren fan Omrop Fryslân. Sûnt dizze simmer binne se om bar te hearren en te sjen.

Jan Jonkman, boer yn Eagmaryp, is in fertroud gesicht foar de Fryske telefyzjesjoggers. Hy wie yn it ferline meardere kearen ferfanger fan Piet Paulusma. De op It Hearrenfean wenjende Tjitske Wiebenga makke yn juny har debút as waarfrou. Albert Hoving skode yn septimber oan as tredde waarman, hy pakt dêrmei syn passy wer op. Hoving (62) wurke desennialang as meteorolooch by Fleanbasis Ljouwert. Nei it bestudearjen fan

waarkaarten, modeldata, en meteorogrammen seinde er de piloaten yn oft it al of net ferantwurde wie om it loftrom yn te fleanen.

Ofrûne simmer hat Tjitske Wiebenga al ferskate kearen it waar by Omrop Fryslân presintearre: “Ik haw der in hiel soad wille yn, it is geweldich om fan dyn hobby dyn wurk te meitsjen. Ek út it kontakt mei de kollega’s fan Omrop Fryslân helje ik in soad wille.” Sawol Tjitske as Jan as Albert binne altyd bot mei it waar dwaande. “As bern wie ik al yn de ban fan it waar. Ik seach altyd nei de loft en de wolken”, fertelt Tjitske Wiebenga. By Albert is it net oars: “As ik nei bûten rin, sjoch ik fuort nei boppen.” Jan Jonkman is boer en sjocht sadwaande altyd nei it waar. “Ik bin mei it waarfirus besmet doe’t wy op de Ballonfeesten op De Jouwer op it idee kamen fan

in eigen ballon. Dy kaam der, mar der moasten ek ballonfarders komme. Ik koe in kursus dwaan, jûn troch de waarsaakkundigen dy’t wurkje op de loftferkearstoer op Skiphol. Sa bin ik deryn rûgele.”

De simmer rint alwer hast op syn ein. Mar wat fûnen de waarkundigen eins fan dizze simmer? “Dizze simmer fûn ik hearlik. Al miste ik wol de tongerbuien nei in waarme wike. Dy hawwe wy amper hân.”, sa fertelt Tjitske Wiebenga.

De nije waarpresintatoaren folgje Piet Paulusma op, dy’t jierrenlang it gesicht wie fan Omrop Fryslân. Nei syn ferstjerren yn maart hat de Omrop keazen foar in nije formule: net ien waarman, mar meardere.



WIEBE WIELING NIJE KOMMISSARIS OMROP

De Ried fan Kommissarissen (RfK) fan Stichting Omrop Fryslân hat besletten Wiebe Wieling (1955) út Hurdegaryp te beneamen ta nije kommissaris. Hy folget mei yngong fan 1 septimber 2022 Ger Jaarsma op, dy’t de ein fan syn termyn yn de RfK berikt hat. Wieling follet dêrmei de polityk-bestjoerlike portefúlje yn. Saakje Mulder nimt it foarsitterskip fan de RfK oer fan Ger Jaarsma.

Wiebe Wieling nimt in soad bestjoerlike en tafersjochhâldende ûnderfining mei. Hy hat bestjoerder west by Hegeskoalle Van Hall Larenstein en Hanzehogeschool Groningen, en



foarsitter fan it Kolleezje fan Bestjoer fan OVO Fryslân-Noord. Dêrnjonken wie hy aktyf yn de Ried fan Tafersjoch fan GGZ Friesland en as foarsitter fan Kulturele Haadstêd Ljouwert-Fryslân 2018. Hy is sûnt 2006 foarsitter fan de Keninklike Feriening “De Friesche Elf Steden”.

Saakje Mulder is wiis mei de beneaming fan Wieling: “Hy hat in brede ûnderfining dy’t oanslút by wat de Omrop

nedich hat. Ek mei syn grutte netwurk fersterket hy de Ried fan Kommissarissen. Wy sjogge dan ek tige út nei de gearwurking.” Wieling sels is ynnommen dat de kar op him fallen is: “Ik wol graach wat betsjutte foar in prachtich ynstút as Omrop Fryslân. Middenyn de mienskip en tige wichtich foar de Fryske taal en kultuer, dêr set ik my graach foar yn.”

Ger Jaarsma nimt nei 12 jier ôfskie fan de Ried fan Kommissarissen en wurdt opfolge as foarsitter troch Saakje Mulder, dy’t al 4 jier aktyf is yn de RfK. Yn de Ried hawwe ek Gerrit Hiemstra, Lian Nijenhuis en Edwin Meijer in sit.

FISKJE NEI FERHALEN YN BYT!

Yn Byt! is presintator, fisker en Dokkumer Tamme Smit op ‘en paad mei bekende Friezen. Sy geane nei plakken yn Fryslân dy’t in soad foar syn gasten betsjutte en goaie dêr in angeltsje út. It perfekte momint foar in goed petear. Byt! is moandeis om 17.15 oere te sjen by Omrop Fryslân.

Yn Byt! reizgje wy dwers troch Fryslân, fan it sintrum fan Frjentsjer oant de strannen fan It Amelân en fan de Fryske Wâlden oant de wide lannen. De gasten fertelle bysûndere ferhalen op foar har belangrike Fryske plakken. Tamme en syn gast geane werom nei de woartels en op dat plak, of yn ‘e buert, nimt Tamme se mei te fiskjen. Sa is Tamme mei Lutz Jacobi yn Ketlik, mei Afke Boven op It Amelân, mei Charles Groenhuijsen op ‘e Jouwer, Emiel Stoffers fisket yn Westergeast, boargemaster Sybrand Buma giet werom nei syn woartels yn Warkum,

Griet Wiersma nei Driezum, minister Dennis Wiersma goait syn angel út yn Frjentsjer en Elske DeWall fisket mei Tamme yn Feanwâlden.

Sels is Tamme fûleindich fisker: “Al sûnt ik trije jier âld bin, bin ik sljocht fan it fiskjen en de natuer. Myn pake wie net by de wetterkant wei te slaan; dat haw ik no ek.”

Yn de útstjoering sjogge we in kant fan de gasten dy’t we net faak sjogge en komme we mear te witten oer harren libben. Neffens Tamme soarget de kombinaasje fan fiskjen en goede petearen derfoar dat it in prachtich programma is om te sjen. “Eltsenien hat in unyk ferhaal en achter elts persoan skûlet faak in ferhaal dêr’t de bûtenwrâld neat fan wit. It programma Byt! bringt dêrtroch al fiskjend ferhalen nei foaren.”



Fraach oan de Freonen

Yn dizze rubryk lizze wy alle kearen in kwestje of fraach oan jimme foar dêr't Omrop Fryslân of it bestjoer fan de Freonen graach in reaksje op hawwe wolle. Wy binne benijd wat der libbet ûnder de Freonen en stelle jo miening tige op priis. De fraach dy't wy diskear oan jo foarlizze giet oer it Frysk.

It Frysk is in unyk, werkenber en wichtich aspekt fan de Omrop. Net allinne as fiertaal, mar ek as it giet om de 'identiteit' fan de Omrop en syn publyk. It Frysk sit yn it DNA fan de Omrop. Tagelyk stiet de Omrop middenyn in meartalige mienskip en wol der foar elkenien yn dy mienskip wêze. Sûnder it Fryske DNA te ferliezen wol de Omrop der ek foar soargje dat de minsken dy't de Fryske taal (noch) net machtich binne it nijs en de ferhalen meikrije en begripe en sa meidwaan kinne. Dat heart by de publike taak fan de Omrop. Dat is ien fan de redenen wêrom't it nijs twatalich oanbean wurdt op de webside en app. Minsken kinne sels kieze yn hokker taal se it nijs lêze wolle om it sa it bêste begripe te kinnen.

De Omrop wol mooglik yn de takomst noch mear ynsette op meartaligens, bygelyks troch noch mear teksten twatalich oan te bieden, mear streektaal en hearre te litten of troch Nederlânske ûndertiteling fan (online) programma's oan te bieden. Undertiteling soe ek in service wêze foar minsken dy't minhearrend of dâf binne.

Wy binne benijd nei jo miening oer dit ûnderdiel fan it Fryske taalbelied fan de Omrop. Moat de Omrop yn de takomst mear rekken hâlde mei minsken dy't it Frysk minder goed behearskje? Of just net? Of is it goed sa't it no is?

En as de Omrop neffens jo mear rekken hâlde moat mei minsken dy't it Frysk minder goed behearskje, hawwe jo dan ek noch tips oer hoe't dat dan it bêste kin?

NB alle opmerkingen oer it Frysk binne wolkom, mar it giet by dizze fraach net om de kwaliteit fan de taal by de Omrop. It Frysk kriget by Omrop Fryslân in soad omtinken, dat jildt ek foar de kwaliteit. Dêr is de Omrop kontinu mei dwaande en him bewust fan. Dat wol net sizze dat it net better kin en dat alle meiwurkers de taal al likegoed behearskje. Guon nije meiwurkers moatte de taal noch hielendal leare as se komme en dat hat tiid nedich. Lykwols binne jo tips en opmerkingen altyd wolkom.

Wy sjogge út nei jo reaksje.

Reagearje kin fia: freonen@omropfryslan.nl

Of stjoer ús in briefke.

